

De Afûk is in aktive, ûndernimmende organisaasje, dy't as doel hat om de Fryske taal yn alle geledingen fan ús Fryske mienskip in folweardich plak te jaan.

Wy sykje foar ús team Taalpromoasje in:

PROJEKTKOÖRDINATOR FRYSK YN 'E SOARCH

foar 28-32 oeren wyks

Mei ús taalpromoasje-aktiviteiten wolle wy minsken bewust meitsje fan har eigen taal en identiteit en de mearwearde fan meartaligens en it Frysk. Dat dogge wy û.o. foar en yn 'e mande mei soarch-ynstellingen, it bedriuwslibben en oerheden. Foar dy aktiviteiten sykje wy foar ús team taalpromoasje op koarte termyn in **Projektkoördinator Frysk yn 'e soarch**.

Oare projekten dêr'tsto oan meiwurkje silst, binne û.o.: Praat mar Frysk, Gemeenten & Frysk, heit&mem en Frysk yn de foarskoalske perioade.

As projektkoördinator ûnderhâldsto de besteande kontakten en leisto kontakt mei nije partners út boppeneamde sektoaren, wêrby't dyn fokus op de soarchsektor leit. Do bist ferantwurdlik foar it realisearjen fan projekten binnen de stelde kaders, mar der wurdt ek ferwachte datsto nije plannen ûntwikkelest. Om't de gearwurking mei de ferskate partners meastal foar langere tiid is, is it wichtich datsto in goede relaasje mei harren opboust.

Dyn profyl:

- Do hast in akademysk wurk- en tinknivo.
- Do hast in brede belangstelling, bist nijsgjirrich en entûsjast.
- Do hast affiniteit mei de soarch en de sosjaal-maatskiplike sektor.
- Do leist maklik ferbiningen, bist kreatyf en pro-aktyf, hast fernijende ideeën, wurkest selsstannich mar sikest ek de gearwurking op, witst fan oanpakken en hast each foar detail.
- Do hast goede kontaktuele eigenskippen.
- Do hast in goede mûnlinge en by foarkar ek skriftlike behearsking fan it Frysk.

Wat biede wy dy?

- In ôfwikseljende baan mei in soad selsstannichheid yn in kreatyf en entûsjast team.
- Do krijst in tydlik tsjinstferbân foar in perioade fan in jier (mei mooglike ferlinging).
- Salaris neffens de KAO Sosjaal Wurk, skaal 9 of 10, ôfhinklik fan oplieding en ûnderfining.

Wolsto dy mei ús ynsette om minsken entûsjast te meitsjen foar it Frysk? Dan hearre wy graach fan dy!

Mear ynformaasje en sollisitearje

Foar mear ynformaasje oer de funksje kin fan moandei o/m tongersdei kontakt opnommen wurde mei: Mirjam Vellinga, teamlieder taalpromoasje: mirjam.vellinga@afuk.frl, tel. 06-38 82 69 91.

Dyn sollisitaasje graach foar 3 desimber 2023 maile oan ciska.noordmans@afuk.frl, foar de direkteur-bestjoerder fan de Afûk, Alex de Jager.

De petearen sille plakfine op tiisdei 12 en moandei 18 desimber 2023.

